

FRYSLAN-A EKSAMEN
28 jannewaris 2017

III Staveringsopdracht

(45 min.)

A. Diktee (om ende by 15 minuten)

It Frysk yn de provinsje Fryslân is him oan it opdielen. Der is in groep minsken, ek jongelju, dy't fêsthâlde oan goed Frysk dat liket op it Frysk fan eardere generaasjes. Dêrneist is der in groep minsken dy't in nij soarte fan Frysk prate, it ynterferinsje-Frysk. Dy minsken fiele har yn it Nederlânsk mear thús as yn it Frysk. Friezen dy't wat tusken dy twa groepen yn sitte binne der nuver genôch eins net. Dat skriuwe twa taalkundigen yn in wittenskiplik artikel. Dêr sizze se yn dat der altyd lju west hawwe dy't min Frysk praten, mar it liket der no op dat it ferfryske Hollânsk hieltyd mear terrein wint. Dêr wurdt it Frysk as selsstannige taal troch bedrige, sa skriuwe se. As it minne Frysk oeral te hearren is, dan ferwurdt de taal gau ta in aksint. Allinnich de útspraak en in lyts part fan de wurdskat binne dan noch autentyk.

Ut: *It Nij*s fan 26 oktober 2015 (*oanpast*)

FRYSLAN-A EKSAMEN
28 jannewaris 2017

III Staveringsopdracht

(45 min.)

De ûnderdielen B en C duorje mei-inoar om ende by 30 minuten.

B. Wat is goed? Skriuw allinnich it nûmer op en de letter foar it wurd dat goed stavere is. Mei-inoar 16 punten.

- | | | |
|---|---|--|
| 1. a. beweechlik
b. beweeglik
c. bewegelik | 7. a. reitsje
b. raitsje
c. rijtsje | 13. a. hûnderttûzend
b. hûnderttûzen
c. hûnderdtûzen |
| 2. a. symbolysk
b. symboalysk
c. simbolysk | 8. a. bagaasje
b. bagasje
c. bagaazje | 14. a. litterair
b. literair
c. literêr |
| 3. a. conlúsje
b. konklúzje
c. konklusje | 9. a. fuotbalutslaggen
b. fuotbalútslaggen
c. fuotbalútslagen | 15. a. ienzum
b. iensum
c. iensem |
| 4. a. roegwei
b. rûgwei
c. rûchwei | 10. a. frôljû
b. frauljû
c. frouljû | 16. a. deeglik
b. degelik
c. deechlik |
| 5. a. wierheid
b. wierhyd
c. wjirheid | 11. a. befêrzen
b. beferzen
c. befêzen | |
| 6. a. kealepoatten
b. kealepoaten
c. keallepoaten | 12. a. bêden
b. bedden
c. bêdden | |

C. Ferbetterje de flaters yn dizze sinnen. As flaters wurde rekkene: flaters neffens de Fryske staveringsregels; it ferkeard of net brûken fan haadletters, lytse letters, skrapkes, skerp- of breedtekens; it ferkeard oaninoar of los skriuwen fan gearstallingen. Skriuw de hiele sin oer.

1. Noch altyd binne der in soard doarpen yn Nederlan dêr't ynwenners in protte swirrichheden ûnderfine mei mobiel skiljen.
2. De ôfroune jieren binne der mear stjûrmêsten pleatst om derfoar te soarchjen dat oerol in goede ûntfangst is.
3. It percintaazje Friezen dat Frysk prate en ferstean kin, bleaut gelyk, wylst hieltyten mear meensken Frysk lêze en skriuwe kinne.
4. Der is in neie subsydsjeregeling dy't Frieske ûndernimmers stimulearet om internasjonaal saken te dwaan.
5. Mei dy regeling wolle se harren de moochlikheid jaan om grinsen te ferlizzen.